

[0256]

## FAN DOKKUM EN DONGERADEEL (II)

Doe't ik yndertiid <sup>1)</sup> bisocht haw om de namme *Dongeradeel* to forklearjen út *Dokkingeradeel*, bin ik útgongen fan de lûdkundige wierskynlikheit. Nammersto wizer wie ik mei de foune Aldfryske oanhalen, dy't yn deselde rjochting wiisden. Yn hânskrift 9056B fan de Prov. Bibleek to Ljouwert, *De origine, antiquitate et situ Phrisiae*, fan Botte van Holdinga (± 1500-1577) stiet yn de biskriuwing fan goaën en gritenijen to lêzen, dat - neffens de wurdôfliedkundige regels fan dy tiid - *Dongerdelia* yndied fuortkommen wêze moat út *Doccingerdelia*: „A Docinga olim, nunc Doccum, Docingerdelia, sed paucis literis immutatis tandem Dongerdelia dicta, binas iuridicas functiones, quas Gretenias vocant complexa[s]: quarum altera quidem osterpasana, altera uero westerpasana appellatur, non infoecundissima Phrysiæ pars: liberale illic, et sat ciuile mortalium genus (ut si alibi) reperitur.” T. H.

1) Yn: *Fryske Plaknammen XI*, 8-9.